

# PERSBERICHT

provinsje frysland  
provincie frysland 

Nummer: 155 TH  
Datum: 12 oktober 2021

## Versnelling in woningbouw via flexpool-regeling

**Om woningbouw sneller mogelijk te maken, wordt de flexpool-regeling ingesteld en stelt de provincie extra geld beschikbaar. Door de regeling kunnen gemeenten extra capaciteit en kennis aantrekken waarmee zij woningbouwplannen sneller kunnen verwerken. Vanaf 25 oktober 2021 kunnen Friese gemeenten een aanvraag bij de provincie indienen voor extra deskundigheid op het woondossier.**

Niet alleen zijn de komende jaren veel nieuwe woningen nodig, ook moeten bestaande wijken en buurten worden opgeknapt. Al deze bouw- en bestemmingsplannen moeten worden gekeurd en behandeld. Om dat te kunnen doen hebben gemeenten steeds vaker extra capaciteit en meer deskundigheid nodig.

De extra capaciteit via de flexpool-regeling moet gemeenten meer ruimte bieden om kansrijke plannen te behandelen. Dat moet leiden tot een versnelling in de woningbouw in Fryslân. Het Rijk en de provincie stellen hiervoor gezamenlijk bijna € 600.000 beschikbaar.

Gedeputeerde Klaas Fokkinga: "Op it stuit binne der in hiel soad plannen. Wy wolle as provinsje de gemeenten graach stypje om faasje te meitsjen mei kânsrike wenningbouwplannen. Op dy manier kinne de wenten ek gauwer realisearre wurde."

Gemeenten kunnen eenmaal een aanvraag doen voor een maximale bijdrage van € 25.000. In totaal wordt met deze openstelling € 250.000 beschikbaar gesteld. Ook in 2022 en 2023 worden middelen beschikbaar gesteld voor het versnellen van woningbouwplannen.

# PARSEBERJOCHT

Nûmer: 155 TH  
Datum: 12 oktober 2021

## Gong meitsje yn wenningbou fia flekspool-regeling

**Om wenningbou flugger mooglik te meitsjen, wurdt de flekspool-regeling ynsteld en sil de provinsje ekstra jild beskikber stelle. Troch de regeling kinne gemeenten ekstra kapasiteit en kennis oanlûke, wêrmei 't sy wenningbouplannen flugger ferwurkje kinne. Fan 25 oktober 2021 ôf kinne Fryske gemeenten in oanfraach by de provinsje yntsjinje foar ekstra saakkundigens op it wendossier.**

Net allinnich binne der yn de kommende jierren noch in soad nije wenningen nedich, ek moatte besteande wiken en buerten opknapt wurde. Al dizze bou - en bestemmingsplannen moatte keurd en behannele wurde. Om dat dwaan te kinnen hawwe gemeenten hieltyd faker ekstra kapasiteit en mear saakkundigens nedich.

De ekstra kapasiteit fia de flekspool-regeling moat gemeenten mear romte biede om kânsrike plannen te behanneljen. Dat moat liede ta mear faasje yn de wenningbou yn Fryslân. It Ryk en de provinsje stelle dêr mei-inoar hast € 600.000 beskikber foar.

Deputearre Klaas Fokkinga: "Op it stuit binne der in hiel soad plannen. Wy wolle as provinsje de gemeenten graach stypje om faasje te meitsje mei kânsrike wenningbouplannen. Op dy manier kinne de wenten ek gauwer realisearre wurde."

Gemeenten kinne ien kear in oanfraach dwaan foar in maksimale bydrage fan € 25.000. Yn totaal wurdt mei dy iepenstelling € 250.000 beskikber steld. Ek yn 2022 en 2023 wurde middels beskikber steld foar it faasje yn de wenningbouplannen.